

Postkaarten fan hús: In projekt dat as doel hat minsken út Europa te ferbinen fia ansichtkaarten.

- 1** Stjoer in kaart nei Galway, Europeeske haadstêd fan kultuer.
- 2** Krij in kaart fan immen út in oar Europeesk lân en in presintsje út Galway.
- 3** Bliuw kaarten útwikseljen mei dyn nije Europeeske penmaat/skriuwfreon.

Moetsje inoar yn (online) workshops wêryn jim winter-ûnderfiningen op kreative manieren (yn ansichtkaartformaat) oan elkoar fertelle en ferbylde. Dit kin dan dielt wurde fia "Postkaarten fan hús".

Wat makkest datst dy thús fielt?

Is it de mienskip, is it it lânskip, is it dyn wenplak? Wy wolle graach alle ideeën en ûnderfiningen diele oer "thús fiele". Benammen no, yn in tiid dat thús wichtich fielt. Wy wolle dit diele mei minsken yn Europa, foar wa't "thús fiele" op it stuit lêstiger is, of in oare betsjutting krigen hat.

Wy noegje elkenien (alle leeftiden) út hiel Europa út om trije ansichtkaarten te stjoeren. Lit dêryn sjen;

- Wat "thús" no krekt foar dy betsjut/ "Thús" is...

- In oantinken oan "Thús"/ "Thús" wie...

- In dream oer "thús" yn 'e takomst/ "Thús" wurdt...

Do kinst wurkje mei alle kreative foarmen; in pear wurden, in koart gedicht, in foto, in stikje muzyk. Do kinst ek digitale ansichtkaarten útwikselje mei dyn nije penmaat/skriuwfreon.

"Postkaarten fan hús" makket diel út fan it Amateo-projekt "Connecting the unexpected". Dit projekt is in miks fan live en digitale workshops en sil yn novimber begjinne yn Galway (Ierlân) en duorret oant ein maart 2021 Maribor (Sloveenje).

Wolst ek meidwaan?

Stap 1: Stjoer foar 15 novimber in selsmakke ansichtkaart nei "GALWAY, Ierlân" Ferjit net dyn eigen namme en adres te neamen ast sels ek post ûntfange wolst! Tema foar dizze earste kaart is "Thús" is ...

Stap 2: Do krijst in sels makke kaart fan immen út in oar Europeesk lân, en in presintsje út Galway, Europeeske haadstêd fan kultuer 2020.

Stap 3: Gean troch mei it meitsjen en ferstjoeren fan kaarten nei minsken / skriuwfreonen dy in kaart nei dy stjoerd ha.


Fakultatyf: Doch mei oan de workshops en lit sjen watst do sels makke hast! Wy organisearje ferskate kreative workshops yn Galway en Maribor. Dizze kinst ek online folgje. Do kinst foarbylden besjen en ynspiraasje krije. Wy wolle graach foto's ûntfange fan dyn selsmakke kaarten. Hjir is de link nei de webside; www.amateo.org/postcards-from-home

*Dyn nei Galway ferstjoerde kaart, sil ek anonym brûkt wurde yn 'e workshops yn Maribor.



Ynstruksjes:

- Print dizze brûksoanwizing
- Tear it oer de stippellinen
- Meitsje dyn eigen ansichtkaart oer it tema; “Thús is...” en plak it op it oantsjutte fak.
- Dat kin alles wêze; in tekening, wurd, foto ...
- Skriuw dyn eigen adresgegevens op ‘e efterside.
- Do kinst ek in eigen kaart stjoere. Ferjit dan net dyn eigen adresgegevens op de efterside te skriuwen



Dielname:

Troch in kaart te stjoeren, geanst do der mei akkoard dat wy dizze kaart en dyn adres trochstjoere nei in oare dielnimmer fan it projekt. Mei dizze dielnimmer bist do tidens it projekt ferbûn as in penmaat.

Do wurdst útnoege om noch twa kaarten te stjoeren;

1. ‘Thús wie...’ (yn desimber/jannewaris)

2. ‘Thús wurdt...’ (yn febrewaris/maart)



De ferstjoerde kaarten sille wy anonym brûke foar ynspiraasje tidens de workshops dy’t wy yn maaie 2021 organisearje yn Maribor (Sloveenje).



Namme:

Strjitte + hûsnûmer:

Postkoade:

Stêd + lân:

Thús is...

.....
.....
.....
.....
.....
.....



Galway 2020 Volunteer Hub

The Cornstore
Middle Street
Galway, Ireland
H91 K8YV
Ierlân



Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



European
Cultural
Foundation